

Jierferslach Obe Postma Selskip 2012

Lykas jim mooglik witte, waard op 19 novimber 2006 it Obe Postma Selskip offisjeel oprjochte. Yn dizze ledegearkomste fan febrewaris 2013 sjogge wy dus werom op it sechste jier fan it bestean fan it Selskip. Ik sil wer ferantwurdig ôflizze fan wat it Selskip dien hat en ik sil koart ek yngean op de ambysjes, dy't it Selskip hat en hie en dy't bij de bestjoersgearkomsten yn 2012 faak op it aljemint west hawwe.

Lit ik earst inkele feiten lâns gean. De jierlikse ledegearkomste waard hâlden op tiisdei 24 jannewaris 2012. Piter de Groot, âld-sjef fan de kultuerredaksje fan de LC en bekend fan 'Dwers op freed' en 'Harje op sneon', hold in lêzing ûnder de titel 'Kiek, Postma!'. Nei te lêzen yn *Wjerklank*, nûmer 11.

It bestjoer fan it Selskip kaam ek dit ôfrûne jier fjouwer kear byinoar en wol op 21 jannewaris, 27 april, 7 septimber en 15 novimber 2012. It jierlikse reiske – dit kear nei Koarnwert en omkriten-- waard hâlden op sneon 12 maaie 2012. Philippus Breuker en Tineke Steenmeijer-Wielenga dienen de tarieding (sjoch *Wjerklank*, nûmer 11) en wienen ús gidsen op dizze tige slagge dei. Al faker besochten we Koarnwert. It is it plak, dêr't, yn de wurden fan de twa gidsen, de dichter berne en opgroeid is en ek begroeven leit, mar ek is it it plak dêr't syn poëzij en syn skiednisstúdzje foar in belangryk part oer geane en nei har aard út te ferklearjen binne. Makkum hat Postma in soad sein. Op dy dei kaam yn de tsjerke te Koarnwert de komposysje-priisfraach ta in offisjele ôfslúting en wol yn de foarm fan in muzikaal intermezzo. Lykas jim mooglik witte, duorre dizze priisfraach fan 1 maaie oant 1 desimber 2011, wernei't in ûnôfhinklike sjuery op in gearkomste op 6 jannewaris te Amersfoort seis komponisten nominearre. Ien fan dy seis komponisten, te witten Peter Visser út Voorburg, waard unanym as priiswinner oanwiisd. Hy, Peter Visser, krige in bedrach fan 1500 Euro. Yn totaal binne 19 gedichten fan Postma op muzyk set yn it ramt fan dizze priisfraach. George Huitema rikte de priis út. Peter Visser hold in ynlieding. Der wie in útfiering fan 'Lieten fan Dream en Libben' fan Peter Visser, te witten 'Yn it Doarpke', 'De Jonge' en 'De Dream fan in Lokkich Libben'.

De stúdzjedei oer de Fryske skiedskriuwing tusken 1913 en 1938 waard yn Tresoar hâlden en wol op freed 30 novimber 2012. De oanlieding ta dizze dei leit fansels yn it feit, dat Postma as histoarjeskriuwer op it mêd fan de lânyndieling en de rekonstruksje fan grûnbesit yn de Midsieuwen, lykas ek fan it deistich libben yn de ier-moderne tiid, syn wittenskiplike spoaren nelitten hat. Tsjin dy eftergrûn hie Philippus Breuker in opset makke mei seis sprekkers, te witten Marnix Beyen, Maarten Duyvendak, Goffe Jensma, Hanno Brand, Philippus Breuker en Johan Frieswijk. Goffe Jensma wie úteinlik ferhindere. Ek ien fan de trije redakteuren, Reinier Salverda, liet it ôfwitte, spitigernôch.

De boekpresintaasje *Zekerheden in Waarnemingen. Natuurwetenschappelijke ontwikkelingen in Nederland rond 1900* waard organisearre op freed 27 april 2012. It barren fûn pleats yn it Planetarium Kafee, it Eise Eisinga Planetarium en it Stêdhûs te Frjentsjer. George Huitema joech in rûnlieding troch it

Planetarium, wylst boargemaster Fred Veenstra it grutte oantal leden en interessearden wolkom hiet. Jan Guichelaar oerhandige de stúdzjedeibondel 2011 oan Huib Zuidervaart en oan Cees Andriesse. Dizze lêste twa hâlden elk in lêzing (nei te lêzen op it OPS-webstee).

Yn de rin fan 2012 hawwe Philippus Breuker en Hylkje de Jong witte litten it bestjoer ferlitte te wollen. It bestjoer is deryn slagge twa opfolgers oan de ledegearkomste foar te stellen. Minder suksesfol wie de Obe Postma Stichting en dus it Obe Postma Selskip op it finansjele mêd. Oft it jild, nedich foar twa boeken (ien oer skiedskriuwing yn Fryslân en ien mei samle opstellen fan Postma) tidich beskikber komt, is net seker. In oantal oanfragen by jildsjitters sit noch yn de ‘pijplijn’.

De stúdzjedei oer ‘Obe Postma en C.O Jellema in de ban van Rilke’s poëzie’, pland foar novimber 2013, kin mooglik net trochgean. Oanfragen foar subsydzje ha oant no ta noch neat opsmitten. It bestjoer sil yn oerliz gean mei it Goethe Instituut en mei oare potinsjele subsidiïnten.

It bestjoer hat Philippus Breuker frege in biografy te skriuwen oer Postma. Hy hat dêryn tastimd mei inkele betingsten: (a) help fan Tineke Steenmeijer-Wielenga en Jan Guichelaar en (b) it beskikber kommen fan 30.000 Euro.

Koartlyn is der in projektplan skreaun, dat tsjinje moat dit bedrach byinoar te swyljen. It bestjoer rekkent it ta har prioriteit hjir efteroan te sitten.

Jan Gulmans, skriuwer